


KFS fesper op snein 30 desimber 2012

Krústsjerke fan Burgum, 16.00 oere



KRISTLIK FRYSK SELSKIP



Foargonger: Hinne Wagenaar, Jorwert

Oargel: Marieke van der Meer

Sang en piano: Gerrit Breteler en Johan Bijhold

Dûbelkwartet û.l f. Teake Posthuma

Lêzing troch Trynke Geertsma – de Roo, Pier Boonstra en Koen Zondag

Stilte

Wolkom

Iepenje my

1. foarsang; 2. allegearre



Iepenje my foar jo goe - dens, en reit-sje my oan.

1. foarsang; 2. allegearre



Iepenje myn eagen foar jo goe - dens, en reit-sje my oan

1. foarsang; 2. allegearre



Iepenje myn ferstân foar jo goe - dens, en reit-sje my oan

1. foarsang; 2. allegearre



Iepenje hert en siel foar jo goe - dens, en reit-sje ús oan.

(Hinne Wagenaar/Nijkleaster)

Psalm 90

1 In gebed fan Mozes, de Godsman.

Hear, Jo hawwe ús in taflecht west
it iene geslacht nei it oare.

2 Foardat de bergen berne wienen,
ierde en wrâld ta wêzen kamen,
ja, fan ivichheid oant ivichheid binne Jo God.

3 Jo litte de minske wer ta stof keare
en Jo sizze: Wurd wer stof, minskebern.

4 Want tûzen jier is foar Jo
as de dei, dy't juster foarbygong,
as in wachtersskoft yn 'e nacht.

5 Jo nimme de minsken wei as flarden sliep yn 'e moarn,
as gers dat mar amper opkomt.

6 Yn 'e moarntiid komt it op en it waakst,
de jûns is it wilich en fertoarke.

7 Want wy fergeane troch jo grime,
wurde opjage troch jo lilkens.

8 Us sûnden sette Jo foar Jo del,
wat wy beside hâlden, komt dan yn it ljocht fan jo antlit.

9 O, al ús dagen binne foarbygien ûnder jo grime,
ús jierren binne weiwurden as in sucht.

10 It tal fan ús jierren komt op santich jier
of op syn bêst op in tachtich;
it treflikste dêrfan is pine en fertriet,
it giet hurd en wy fleane nei de ein.

11 Wa ken it geweld fan jo grime
en wa hat ûntsach genôch foar jo lilkens?

12 Lear ús sa de dagen te tellen,
dat wy in wiis hert krije.

13 Kom werom, Heare! Hoelang noch?
Haw begrutsjen mei jo tsjinnern.

14 Jou ús yn 'e moarntyd jo geunst mei folle hân,
dan kinne wy jubelje en al ús libbensdagen bliid wêze.

15 Meitsje ús likefolle dagen bliid
as Jo ús ûnder druk set hawwe,
al dy jierren dat wy it ûnheil seagen.

16 Meitsje jo tsjinnern jo wurk bekend
en oan har bern jo hearlikheid.

17 Mei sa de geunst fan de Hear, ús God, oer ús wêze
en lit Jo it wurk fan ús hannen wol bedije.

Take, o take me as I am

(Wylde goes, 51)

Take, o take me as I am; sum-mon out what I shall be
Nim my, nim my sa't ik bin; wiis my hoe't ik wê-ze sil;
Neem mij aan zo-als ik ben. Zui-ver uit wie ik zal zijn.

set your seal up-on my heart and live in me.
set jo se-gel op myn hert en lib-je yn my.
Druk uw ze-gel op mijn ziel en leef in mij.

Lêzing út it boek Preker (3: 1-15)

Oeral is in tiid foar

1 Foar elk ding is in oere
en foar alles ûnder de himel in tiid.
2 Der is in tiid om berne te wurden
en in tiid om te stjerren,
in tiid om te plantsjen
en in tiid om de planten út te roegjen,
3 in tiid om te deadzjen
en in tiid om te hieljen,
in tiid om te brekken
en in tiid om te bouwen,
4 in tiid om te skriemen
en in tiid om te laitsjen,
in tiid om te gûlen
en in tiid om te dûnsjen,
5 in tiid om stiennen te smiten
en in tiid om stiennen op te sykjen,
in tiid om te frijen
en in tiid om inoar te mijen,
6 in tiid om te sykjen
en in tiid om wei te bringen,
in tiid om te bewarjen
en in tiid om fuort te smiten,
7 in tiid om stikken te skuorren
en in tiid om ticht te naaien,
in tiid om te swijen
en in tiid om te praten,
8 in tiid om leaf te hawwen
en in tiid om te haatsjen,
in tiid fan oarloch
en in tiid fan frede.

9 Wat wint ien dy't wurket mei al syn skreppen? 10 Ik haw de drokte sjoen, dy't God de minskebern jûn hat om har drok oer te meitsjen. 11 Hy hat makke, dat alles moai is op syn tiid. Ek hat Er har begryp foar de ivichheid jûn, sûnder dat de minske lykwols begjin en ein fan Gods wurkjen útfine kin. 12 Ik haw murken, dat neat better is foar de minsken as bliid wêze en it der goed fan nimme. 13 En as in minske yt en drinkt en fan it goede genietet by al syn skreppen, dan is dat in jefte fan God. 14 Ik haw murken, dat al wat God docht, foar altyd fêst stiet; Gjinien kin dêr oan tadwaan en gjinien kin dêr fan ôfdwaan. God hat it sa dien, dat se ûntsach foar Him hawwe soenen.

15 Wat west hat, wie der al lang
en wat komme sil, hat der al lang west,
mar God siket wat ferflein is, wer op.

't Jûnsliet (Gerrit Breteler)

Neat is nij ûnder de sinne.
'k Sis de âlde preker nei.
Alles wêr 't wy oan begjinne.
't Wie al dien en rekket wei.

Alles wat men by de ein hat,
hat úteinlik slot noch sin.
Dy 't de hiele wrâld trochflein hat.
Komt wer út by it begjin.

Alles dat men ea bestribbe.
't Wie fergees en om 'e nocht.
Wêr ta hat in minske libbe
as it der gjin sprút la docht.

Hoefolle kranten wur' der lêzen.
Hoefolle boeken bin' der skreaun.
En dochs is op ierd' yn wêzen
neat net hy it âlde bleaun.

Lit ús dan yn frede dreame
fan in Eden sûnder slang.
En gjin goed en kwea beneame.
Efkes frij fan drang en twang.

Hear se roppen, hear se razen.
Wyld oerdwealsk en fanatyk.
Hear, de wrâld sit fol mei dwazen.
Slaven fan 't wurd gelyk.

Lêzing út it Evangeelje fan Mattéus (6:25-34)

Noed en soarch

25 Dêrom sis Ik jimme: Sit net yn noed oer kost en klean, oft der iten is en oft der wol klean binne om oan te dwaan. It libben is dochs mear as iten en it lichem mear as de klean? **26** Sjoch ris nei de fûgels yn 'e loft. Dy siedzje net, dy rispje net, dy slagge net op yn skuorren. Nee, jimme himelske Heit sels fuorret se. En hoe'n ein steane jimme net boppe fûgels? **27** Wa fan jimme kin mei noed te hawwen syn libben ek mar in stikje langer meitsje? **28** En wêrom yn noed te sitten oer de klean? Sjoch ris nei de leeljes hoe't dy waakse. Se arbeidzje net, se spinne net, **29** mar Ik sis jimme: Sels Salomo yn al syn pracht wie net sa moai yn 'e klean as ien fan harren. **30** As God no sa klaait wat hjoed noch op it fjild stiet en moarn yn 'e oven smiten wurdt, sil Er dat jimme dan net namste earder dwaan, jimme mei jim lyts betrouwen? **31** Sit dus net yn noed oer de fraach: wat is der foar ús te iten, of: wat moatte wy oan hawwe? **32** Dat binne ommers allegear dingen dêr't de heidens om freegje. Jimme

himelske Heit wit al lang, dat jimme dat allegear brek binne. **33** Set it sin alderearst op it Keninkryk fan God en op wat Hy wol. Al it oare krije jim der dan wol op ta. **34** Dêrom, sit net yn noed oer de dei fan moarn. Dy stiet wol noed fan himsels. Elke dei hat genôch oan syn eigen swierrichheden.

Laudate omnes gentes

(Ps. 117 - út Taizé)

Psalm 117 (Taizé)

Lau - da - te om - nes gen - tes, lau - da - te Do - mi - num,

lau - da - te om - nes gen - tes, lau - da - te Do - mi - num.

The musical score is written in 3/4 time with a key signature of two flats (B-flat and E-flat). It consists of two systems of music. Each system has a vocal line (treble clef) and a piano accompaniment line (bass clef). The lyrics are: 'Lau - da - te om - nes gen - tes, lau - da - te Do - mi - num,' and 'lau - da - te om - nes gen - tes, lau - da - te Do - mi - num.' The piano accompaniment features a steady bass line with chords and moving lines in the right hand.

Bring hulde, alle folken, bring hulde oan de Hear.
Bring hulde, alle folken, bring hulde oan de Hear.

Verblijdt u alle volken, verblijdt u in de Heer.
Verblijdt u alle volken, en looft God altijd weer.

Meditaasje

(stilte)

Lit ús dêrom drinke (Gerrit Breteler)

Foar alles is in oere,
foar alles is in tiid.
Alles giet nei 't selde plak,
mei as sûnder striid.

Der is in tiid fan laitsjen
en dy tiid is samar om.
In tiid om te fergriemen.
Dy krijst' nea wer werom.

Alles is sa brekber.
Alles ûnfolslein.
Tûzen wurden sprutsen
en dêr is neat mei sein.

Tútsje mei de mûle,
want leafde is as wyn.
Dyn treast en ek dyn pine,
der earne tusken yn.

Lûd balte de dwazen,
want har wierheid makket frij.
Mar wat al te maklik wûn is,
is like gau wer wei.

Lit ús dêrom drinke,
want de dei lûkt nei de jûn.
En de leafde wurdt grif earder,
as de wierheid fûn.

In libben sûnder wiisheid
is in libben sûnder ljocht.
In libben sûnder leafde
is in libben om 'e nocht.

Lit ús dêrom tinke,
no't it winter wurdt en kâld.
Lit ús dêrom drinke,
foar wat frede yn 'e wrâld.

Alles is sa brekber.
Alles ûnfolslein.
Tûzen wurden sprutsen
en dêr is neat mei sein.

Treastigje mei wurden,
kear de kâlde wyn.
Hoedzje ús foar fallen,
tsjin better witten yn.

Gebeden, ôfsletten mei it songen Us Heit

God fan fier en hein ús Heit



1 God fan fier en hein ús Heit,
dat wy hil - lig - je jo nam - me,
ûn - der ús sa faak ûnt - wijd,
troch jo ei - gen bern be - skam - me.

2.

Bûch de folken nei jo wet,
lit jo ryk op ierde komme.
Byn jo wil ús op it hert
en wy sykhelje ferromme.

3.

Jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou wat wy misdiene,
sa't ek wy ferjûn ha, Hear,
al dy't skuldich foar ús stiene.

4.

Lit oer ús gjin neare nacht,
lied ús net yn blyn begearen.
Binne wy yn duvels macht,
Hear, ferlos ús fan 'e kweade.

5.

God fan fier en hein ús Heit,
wûnder heimnis is jo namme,
grut yn krêft en hearlikheid,
oant yn alle tiden. Amen

(Tuskentiden nû. 229)

Oergong fan Ald nei Nij (KFS - Krúspunt)

Slotliet: In Spyltúch (Fedde Schurer)

In spyltúch bin ik yn Gods hân
ik sjong fan frede en ljocht

en de deemoedigen yn 't lân
bring ik in bliid berjocht.

De bûgden ûnder soarch en smert
sill' romte en rykdom ha
ik sjong de brutsenen fan hert
wer freugde en útsjoch ta.

Ik spylje alle finzen foar
it âlde frijheitsliet
ik spylje foar de tichthûsdoar
salang't dy iepen giet.

Ik sjong foar elke earme siel
dy't yn it leed ferslacht
fan de alderearste sinnestriel
en 't wiken fan de nacht.

Ik sjong, ik sjong foar rap en rût
yn dizze goud'ne moarn:
o minsken, strûp jim fodden út
en lûk de feestklean oan.

Ik sjong it wurd oar berch en dún
fan libben en byhâld -
en moarn, dan romje wy it pún
en bouwe in nije wrâld.

(In Spyltúch, 18)

Seine